

WURKLIST RJUCHT EN SJUCHT 2012

Freed 3 febrewaris 20.00 oere:

“Aaisykje” troch Minze Stuiver, by fam. Van der Weide, Leeuwendaallaan 51, Rijswijk. Berne yn de Jouwer gong Minze as lytse jonge al mei syn heit it lân yn te aaisykjen of it wetter op te fiskjen. Letter kaam er yn oarden te wenjen dêr't er suver it aaisikersryk allinnich hie of wêr't hielendal gjin aai te finen wie. En sterker noch it aaisykjen ferbean waard. Hy sil hiel wat te fertellen hawwe.

Snein 26 febrewaris 14.30 oere:

Fryske oekumenyske tsjerketsjinst yn de Sint Martinuskerk, Oosteinde 56, Voorburg. Foargonger pastoar L.R. van der Wal út Drachten, oargelist Lieuwe de Jong.

Yn maart: Kabaret

Freed 13 april: Ekskurzje nei Fryslân mei û.o. in besyk oan âld-kritelid Alie Rusch yn Mildam.

Sneon 12 maaie: Slútmiddei fersoarge troch Simon en Janny Karreman.